



Wij Frisia

Tydskrift foar Fryske Striid en Literatuer

JIERGONG LXIII, nûmer 1

maart 2014

ISSN 0166-6029



De promoasje fan
Jelske Dykstra
yn Frjentsjer

Goedfreed

*Hjoed stjert oars de dei as juster.
Lûkt de nacht strak oer ús ta,
Dan riist der troch it ieuw'ne tsjuster
Tsjin in jûngloed wreed en bjuster
't Njoere Golgotha.*

*Trije oan it krúshout sleine,
Fan de kliber húnd en spijd,
Dulders, hast fan dea beteine,
Jit by steat ta flok, ta seine.
Loaits, de ûnskuld lijt.*

*Under krielt yn dûnk're woede
't Folts, mei dwylsin slein yn 't hert,
d' Earme slaven fan it tsoede,
Grut ta d' ûnmacht fan it goede.
Och, hja witte net.*

*Op 'e berch dêr't hillige en sûnder
Duldzje en drage in smertlik lot
En al wrakseljende ûnder
gean yn 't grut, mar groulik wûnder,
Op 'e berch striidt God.*

Út: Douwe Hermans Kiestra, *Samle fersen* (Boalsert, 1982, s. 48-49)

Oan de lêzer!

Sûnt 10 septimber 2011 is der in nije start mak-
Ske mei de *Jongfryske Mienskip*. Der is in nij
bestjoer beneamd; der is yn 2012 in karbrief
gearstald en oannommen en in bestjoersfyzje
formulearre. By dy nije besieling en it sribjen om
de fyzje om te setten yn belied, heart winliken ek
in nije namme foar ús striid- en literatuerblêd.
Op de lêste bestjoersgearkomste op 1 maart 2014
is dêrom mei miene stimmen besletten om der
Nij Frisia fan te meitsjen en op in wat royaler
formaat te printsjen. *Frisia* leit ús út soarte oan
it hert en moat, ek yn de namme, hoede wurde:
Lyts Frisia hjit no tenei lykwols **Nij Frisia**.

Bestjoer en meiwurkers

By de foarside:

Jelske Dykstra harket ta, mei de bul yn 'e hân
(rjochts: Edwin Klinkenberg; foto: Hindrik Sij-
ens, FA)

I n fers foar de iere maitiid, maart dus, Goedfreed
(foar ûnkundigen: de freeds foar Peaske as neffens
bibel en tsjerke Jesus krusige wurdt). It fers komt út
Frisia (1928), fan Douwe Hermans Kiestra, dichter-
boer (wurk û.o. *Efter it oargel*, 1935) yn 'e Lege
Geaen en letter ek skriuwer. Allinnich de earste rigel
al makket troch donkere lûden en it byld fan de
stjerrende dei nêst de trije stjerrende oan it krúshout,
dijippe yndruk. De yn elts fers rymjende earste, tredde
en fjirde rigel mei swiere lûden, toane it driigjende fan
dizze bysûndere dei mar foaral technyk en wurdkrêft
fan de dichter. Mei as klap de einrigel: *Op 'e berch
striidt God*.

It docht ek bliken dat talen yn drege posysje stipe
krije kinne fan 'e nije kommunikaasjemiddels as twit-
terjen, facebook ensfh; it praat makliker, kontakten
binne de wrâld oer gau te lizzen en sa komme lju mei
ienris ûnbekenden te praten yn âlde talen dy't driigje
om út it ûnthâld te sinken en wei te wurde.

De haadsamler

Snipers

Us wurdearre meiwurker Rommert Tjeerdsma mei syn fêste bydragen oer kafeebesikers hat nei syn pinsjonearring by de posterij mei *Ferliezers* (KFFB, 2014) syn fyfte roman publisearre. Dy spilet yn 'e Twadde Wrâld-oarloch en foar in grut part yn in NSB-, of alteast in Dútsksinnich fermidden.

De feint fan Froukje (de froulike haadpersoan) meldt him frijwillich foar wurk yn Dútslân, omdat er tinkt dat er dêr foardiel fan hawwe kin. In buorjunge, de feint en kollega fan Froukje, wurdt der ynluze en tekenet yn in dronken bui as SS'er foar it Eastfront. Dat is gjin simmerreis docht efterôf bliken; sneu mar hy hat no ienkear tekene.

Froukje sels bedarret yn de earms fan in Dútske piloat fan de fleanbasis Ljouwert. In omke fan Froukje sit yn 'e swarte hannel en wol allinnich ûnderdûkers dy't foar hím wurkje, en oars moatte se betelje. De heit fan Froukje jout hieltyd oan dat er 'neutraal' is en him nearne mei ynlitte wol. Oan de ein, nei de 'befrijing', fielt sy yn har skoat it nije libben fan de gefolgen fan de omgong mei de piloat.

Neat minskliks is de personaazjes frjemd. Tjeerdsma syn oarlochsroman is net swart-wyt, mar ken alderlei gradaasjes dêr tuskenyn. De lêzer moat syn eigen konklúzjes lûke. De beskriuwing kin yn taal spreken lije, mar is gauris nochal noflik en rij yn wurden. Beslist in bysûnder boek.

Us wurdearre en fêste meiwurker Sytze Hiemstra, as gjinien saakkundich yn ûnderwiisrjocht en -wetjouwing, fernijde my mei Twadde Keamer-stikken fan 30 jann. 2014 oer de foarstellen foar nij rjocht foar ûnderwiis yn it Frysk. De ferrassing wie dûbeld, om't de earste sprekker, tagelyk ek haadsprekker, in Keamerlid wie dat ik as achte foarsitter fan in histoarysk fermidden ken, dr. Roel Bisschop (SGP): "Mevrouw de voorzitter. Dit wetsvoorstel stond als een hamerstuk op de agenda. Toen we dat zagen, verbleekten wij: dat kon toch niet waar zijn? Iets wat het Fries betreft, zomaar onopgemerkt laten passeren en niet markeren, ging ons te snel." My tinkt wurdich om te sinjalearjen en wiis mei te wêzen.

Te lang om der hjir fierder op yn te gean; sis ik noch dat de man letter *Warns* en *Worms* trochelkoar helle en lid Lutz Jacobi (PvdA) him ferbettere. Bisschop ornearre nammentlik: "Dan staat mij niet anders te doen dan die vraag toch maar te stellen. Kan de staatssecretaris bevorderen dat de slag bij Worms – u herinnert het zich ongetwijfeld nog: 1345 – die jaarlijks nog op 26 september wordt herdacht, in de canon van de Nederlandse geschiedenis wordt opgenomen?"

Is it net bjusterbaarlik? It troch eigen minsken faak skoudere en as besmetlik mijde Warns, hjir troch in Hollanner foardroegen om yn de kanon fan de Nederlânske skiednis opnommen te wurden.



g.a.

Ús eigen Taal (14)

It fierder standerdisearjen fan it Frysk is needsaaklik (1)

Trefflik dat der op it stuit wurke wurdt oan in standertwurldlist foar it Frysk. *Underwizer* en oersetter Jan Schotanus hat sukses hân mei syn pleit foar in ‘Grien boekje’ (LC, Te Gast, 08-04-2011) foar it Frysk. De polityk hat syn needgjalp op-pakt. De Fryske Akademy hat subsydzje krige foar it ûntwikkeljen fan in *standert-wurldlist* en in digitale *staveringshifker* en dan komme der ek knyppunten oan it ljocht yn taal en stavering. Dy moatte oplost wurde.^a

Foar de Frysktalige ûnderwiislearmid-dels is in dúdlike, konsistinte, goed learbe-re, geve standert in needsaak. En dan moat der ek regaad makke wurde yn *de/it* griem-mank (ek: *griem*mank) fan *alderhande/al-derhanne/allerhande/allerhanne ûn-nedige dialektfarianten* (dûbletten, tripletten ensfh.; it soe mei *alderhanne* en *it griem*mank skoan ta kinne) en *ynterferinsjes* (benammen hollânismen). Fandatoangeande is it hjoed-de-dei yn de besteande ûnderwiislearmiddels noch altiten in (grutte) wyldeboel en dat is tige skealik foar it (goed) oanlearen fan (geef) Frysk en it oansjen fan ús taal. De needsaak dêrta jildt likegoed foar it taalgebrûk fan de eigen oerheden en foar Fryske literêre skriuwers en oersetters. Dat der moast nei hiel wat ferlerne jierren

^a Pieter Duijff, Frits van der Kuip, Anne Dykstra, *Advys regeloanpassing Fryske stavering*. Ljouwert: Fryske Akademy, 18 jannewaris 2013.



Sytze T.
Hiemstra

op dat mêd wat oan dy gaos dien wurde. De provinsje hat it sinjaal no einlings en te’n lêsten oppikt. Better let as net. In ‘grien boekje’ soe in moai begjin wêze kinne.

Der is al jierren in grut ferlet fan in *Standertwurldlist Frysk*, dy’t net allinnich de kreative stavering jout, mar tagelyk *normear-ret*. Dat wol bygelyks sizze dat der keazen wurdt tusken (dialekt)farianten: ‘ûnder’yn stee fan ‘onder’, ‘stie(n)’foar ‘ston’ en jûn’ foar ‘joon’. Op it stuit (augustus 2013) lizze der yn opdracht fan de provinsje útstellen fan de Fryske Akademy foar in saneamd *Grien boekje* dat dêr yn foarsjen moat.¹

Oft dy list foldwaande opromming hâl-de sil om ta sa ‘Frysk’ mooglik Standert-frysk yn de learmiddels te kommen (dy’t dus distânsje hâlde mei foarms dy’t ek Hol-lânsk binne of dêrop lykje), moat noch ôf-wachte wurde. Yn eardere nûmers fan *Lyts Frisia* (LF, 2010-2012) haw ik yn *Us eigen taal* (yn 7 bydragen) *útgongspunten* foar sa’n standert formulearre, wylst Geart Tig-chelaar de needsaak foar it ûnderwiis (LF, 2013) yn twa artikels (*Lyts Frisia* en *ensaffh*) en yn in *tegast* (*Ljouwerter Krante*) oan-nimlik makke hat.²

It is it ‘ûnderwiisfild’ en de learmid-delmakkers sels net slagge om dat foarinoar

¹Sjoch: ‘Standertwurldlist en stavering’, yn: *Ut de Smidte*, jrg. 47, nû. 2, simmer 2013, s. 10.

²Geart Tigchelaar MA (dosint Frysk en FFU-bestjoerslid): ‘Kom mar op mei dy standert!’ en ‘Beswieren tsjin beswieren’ (LF en *ensaffh*) en ‘Kom mar op mei dy standert!’ (LC, 05-06-2013, s. 8). De FFU stiet op itselde stânpunt.

te krijen. Der wurdt tefolle byinoar lâns wurke. Boppedat binne der nochal wat ferskillende opfettings fan/oer wat 'Frysk/Standertfrysk' hjitte mei. Dat lit tefolle net winsklike spoaren nei yn de learmiddels foar ûnderskate ûnderwiisnivo's. Soks freget om (sintrale) stjoering. It wurd (en de died) is no oan de eigen Fryske oerheid.

It krewearjen foar in 'echte' standert is net eltsenien (bgl. guon Fryske skriuwers en wat oaren) nei 't sin, sa hat yn de earste helte fan 2013 yn guon provinsjale blêden en digitale media bliken dien. Mei myn Jongfryske geast hear ik perfoarst net ta dy groep en haw al langer as in fearnsieu pleite foar (fierder) standerdisearjen fan it Frysk.³ Mar dan wol sa 'Frysk' mooglik (û.o. distânsje hâlde ta it Hollânsk).⁴

³Sjoch: Anne Dykstra en Rolf H. Bremmer Jr (red.), *In skiednis fan de Fryske taalkunde*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1999; myn haadstik oer 'De taalnoarm', s. 255-258, mei in oersjoch fan myn jierrenlang pleit foar in goed omskreaune standert. En guon fan myn artikels, bgl. 'De kwaliteit fan it Frysk yn de media en by oare Fryske ynstellings (I)', *Swingel*, nû. 19, 2007, s. 6-11; (II) nû. 20; 2008, s. 10-18; (III) nû. 21, 2008, s. 11-20; (IV) nû. 22, 2008, s. 14-20 (benammen oer it minne 'Frysk' fan Jetske Bilker); *Lyts Frisia*: 'Us eigen taal (9): de media en de kwaliteit fan it Frysk (1)' (LXI, nû. 1, maart 2012, s. 7-16; Taalen staveringsflaters yn de krante(n) beskôgje ik as skrassende neilen op it skoalboerd. By in ynstjoerd stik yn de *Ljouwerter Krante* oer *Afrika* en by in artikel oer it libben en krewearjen fan *Ulsje Hesper* yn it *Frysk Deiblêd* wie dat wol tige sterk it gefal. Beide artikels wurde analysearre op taalgebrûk. Yn *Lyts Frisia* kaam de kwaliteit fan it Frysk en de needsaak fan in (betere) taalstandert (sis mar ABF: *Algemien Beskaafd Frysk*) op it rabat yn: 'Op weg naar het kakhuis' of de "frisofoby" fan Jetske Bilker (I)', mei gâns ferdúdlikjende noaten (jrg. LVIII, nû. 1-2, juny 2009, s. 4-11; (II), jrg. LVIII, nû. 3, sept. 2009, s. 33-40).

⁴Sjoch foar myn *útgongspunten* foar in Fryske-taalstandert û.o. 7 stikken yn *Lyts Frisia*, 'Us eigen taal (1): taalnoarm en taalstandert' (LIX, nû. 1, maart 2010, s. 3-5); 'Us eigen taal (2): útgongspunten foar in Fryske-taalstandert (1)' (LIX, nû. 2, juny 2010, s. 19-20); 'Us eigen taal (3): útgongspunten foar in Fryske-taalstandert (2)', LIX, nû. 3, sept. 2010 (s. 35-37); 'Us eigen taal (4): útgongspunten foar in Fryske-taalstandert (3)' (LIX, nû. 4, des. 2010, s. 51-53); 'Us eigen taal (5): útgongspunten foar in Fryske-taalstandert (4)' (LX, nû. 1, maart 2011, s. 4-7); 'Us eigen taal (6): útgongspunten foar in Fryske-taalstandert (5)' (LX, nû. 2, juny 2011, s. 19-25); Jan Schotanus syn pleit foar in 'Grien boekje' foar it Frysk en de kwaliteit fan it 'Frysk' fan Joke Corporaal komme dêryn op it rabat; 'Us eigen taal (7): útgongspunten foar in Fryske-taalstandert (6)' (LX, nû. 3, sept. 2011, s. 45-52): it [ûnsuver] brûken fan it Frysk yn de kollums fan Joke Corporaal [*Ljouwerter Krante*] wurdt foar de twadde kear op it harspit nommen; 'Us eigen taal (8): útgongspunten foar in Fryske-taalstandert (6=7)' (LX, nû. 4, des. 2011, s. 57-65); Wanfrysk fan en by de eigen (provinsjale) oerheid komt dêryn op it aljemint. In takomstich *Sintrum foar*

Guon tsjinakselders lykje noch altiten net te be-seffen dat it Frysk in taal is dy't taalpolitike pretinsjes hat (en hawwe moat) en dy't yn ûnderskate maatskiplike domeinen as kultuertaal funksjonearret (en funksjonearje moat). Sa'n taal kin net ûntkomme kin oan (fierdere) standerdisaasje. De tsjinabbelearders hawwe healwei 2013 wat ôfmoarte en krimmenearre, neidat se earst sitten hiene te slûgjen. Net sa snoad en tekenjend foar harren ambysjes. Doe't in stikman-nich de sliep út hiene, krigen de Fryske Akademy en de Fryske Steaten de folle laach. Alles moast beleaven bliuwe sa't it wie.

Yn stee dêrfan soene guon te riede gean moatte by harsels en selskrytysk neigean hoe goed en geef oft har eigen taalgebrûk winliken is. Myn goede freon en eardere kollega, *skaalmaster* en Afûk-lesjouwer Dick Eisma (1941-2011), koe dêr wol in swartboek oer skriuwe. Wat hat er gâns Fryske 'skriuwers' net foar taalstommichheden bewarre mei syn korreksjewurk. En wat is him de grize net gauris oer de grouwe gongen.

(Ald)-*learaar* en Afûk-lesjouwer Ed Knotter hat koartlyn yn *Lyts Frisia* en de *Swingel* de finger ek by it seare plak lein, mei in artikel oer it taalgebrûk fan Margryt Poortstra yn har ferhalebondel *Koffe ferkeard* (dat de Afûk striemin 'korrizjearre' hat). Iksels haw dat dien foar de skriuwerij fan Jetske Bilker en Joke Corporaal.⁵ Dat is eksimplarysk foar gâns mear skribinten, dy't ek noch graach foar fol oansjoen wurde wolle.

Soe in grien boekje foar it Standertfrysk skriuwers mei (literêre en oare) ambysjes net tige fan tsjinst wêze kinne om ûnderskied meitsje te kinnen tusken Frysk en net-Frysk, tusken Frysk en Standertfrysk? Se soene der wiis mei wêze moatte ynstee fan te grin-en en te kleien. Ferset tsjin it fierder standerdisearjen fan ús stavering en ús taal is net sinfol en nuodlik foar de takomst fan it Frysk. Sa tink ik deroer en ik bin lokkich net de iennichste en de earste. Der binne

de Fryske Taal en Kultuer soe neffens my de kwaliteit fan it taalgebrûk bewekje moatte. Dêr past ek it gearstallen fan in *Grien Wurdboekje* en in *Griene Grammatika* by. Dat sintrum liket der net te kommen. Mar it yn de nije provinsjale yntegrale beliedsnoata kultuer, taal en ûnderwiis 'Grinzen oer' (maart 2013, s. 46-48) neamde, noch op te rjochtsjen, *Stipepunt 2.0.* soe dy bewekkingstaak (foar de eigen oerheidsstikken en de Frysktalige ûnderwiismaterialen) oernimme moatte.

⁵Ed Knotter syn artikel stie yn *Lyts Frisia*, (nû. 1, maart 2013, s. 10-12) en *Swingel* (nû. 37, april 2013, s. 20-21); myn analyse fan it jin oangrizende 'Frysk' fan û.o. Jetske Bilker en Joke Corporaal is te finen yn artikels dy't yn de noaten hjirboppe steane.

hiel wat yllústere foargongers dy't net yn it ferjittersboek reitsje meie. En gauris goed yn de *Jongfryske* tradysje passe of passe soene. In stikmannich wol ik hjir mei eare neame.

Besibbe geasten op it stik fan taalstanderdisaasje

Hiel wat Friezen hawwe yn de rin fan de tiid bydroegen oan it opbouwen en (fierder) standerdisearjen fan it Frysk.⁶ Fakentiids wiene dat ek *skoalmasters*! En ek almeast mei hiel wat jierren ûnderfining foar de klasse. Dat soe oan it tinken sette moatte!

Oan de oarsprong stiet grif ús ferneamde Fryske dichter en *skoalmaster* **Gysbert Japicx** (1603-1666). Syn literêre taalnoarm en de literêre pretinsjes fan syn wurk tsjutte op it Fryske selsbesef as ideologyske eftergrûn. Yn de rin fan syn wurk stribbet er nei Fryskere foarms. Syn nijfoarmings binne foar in part ûntliend oan Nederlânske literêre foarbylden, foar in part ferfryskings fan minder suver Frysk taalmateriaal; ek argaïsmen ûntbrekke net.

De klassikus Ecco Epkema (1759-1832) woe it Frysk likegoed fierder 'beskave' en wie foarstanner fan fêste grammatikale regels foar geslachten en bûgingsfoarmen. Frisisten as de jurist Montanus de Haan Hetteema (earder ek: Montse Hetteema, 1796-1873) en de *skoalmaster* en skriuwer **Harmen Sytstra** (1817-1862), ien fan de oprjochters fan it *Ald Selskip* (1844; it 'Selscip foar Frysce Tael in Scriftekinnisse'), hiene in ryklik 'elitêre' noarmopfetting fan stavering en taal en besochten der op har eigen wize oan te bouwen. Al dy pommeranten hiene as doel it kultivearjen, it útwurkjen en it ferheffen fan it Frysk.⁷

De *noarm* foar it Standertfrysk is neffens de Jongfries en *learaar* **Douwe Kalma** (1896-1953) *ûntwikkele* yn de praktyk fan de Fryske striid: de *Fryske beweging* is yn it noarmearjende foarmjend. It *Standertfrysk* kin neffens Kalma sadwaande net lokalisearre wurde en kin ek net fûn wurde yn de boeketaal, want dy byldet allinnich ôf. It *stribjen* nei Standertfrysk hat him neffens Kalma benammen oppenearre yn it wurk fan de *Afûk* mei syn leargongen.

In ek tige saakkundige Fryske taalgelearde as Tony Feitsma (1928-2009) heakket oan de *taalbeweging* fan Kalma de ynstitúsjes *ûnderwiis* en *literatuer* ta, mar

⁷Joch ek Tony Feitsma, 'Ynlieding' (s. 11-33), yn: Dykstra & Bremmer, *In skiednis fan 'e Fryske Taalkunde*. Ljouwert: Fryske Akademy, 1999; benammen de siden 21-22.

soks liedt *nét* ta in noarm dy't ferlykber is mei dy foar it Hollânsk. Se konstatareret nei de sechstiger jierren fan de foarige ieu lykwols ek in tendins yn de maatskippij ta *ferhollânsking* fan de noarm, mei romte foar ûnderskate opfettings en praktiken.

Tagelyk is der likegoed sprake fan in *distansjearringstendins* (ôfstân hâlde ta it *Hollânsk*), omdat oars de Fryske taalidentiteit bedrige wurdt. Dy tendins jildt ek foar *dialektyske* farianten fan it Frysk en dat is (benammen) te fernimmen oan de wurdboeken. Foarms dy't 'Frysk identifisearjend' binne, wurde neffens Klaas F. van der Veen (1937-2002), wurdboekmakker fan de Fryske Akademy, nei foarren helle mei almeast in foarkar foar it Westklaaifrysk. Dy standertfoarm sil gauris lykop rinne mei in navenant *beechfrekwint* wêzen. Sa'n *normalisearring* neamt er in 'eerste vereiste voor het gebruik van die taal als onderwijstaal'.

Yn de standerdisearringstradysje stiet grif ek in *skoalmaster* as **Sake Kornelis Feitsma** (1850-1918), meiwurker fan **Waling Gerrits Dykstra** (1821-1914), dy't einredakteur wie fan it *Friesch Woordenboek* (1898-1911; 4 dielen). S.K. Feitsma wie boppedat de skriuwer fan *De vlotte Fries* (1902; werprintinge yn 1943), in hantlieding om Frysk te learen. Hy docht oan dialektseleksje as er bygelyks de foarm 'do' boppe 'dû' kiest, wylst er der ek op tsjin is dat Waling Dykstra it Dongeradielstersk fan Holwert en omkriten yn syn wurdboek as in wichtige mjitstêf foar de stavering sjocht.

Ek net te ferjitten in oare *skoalmaster*, **Gerben Postma** (1847-1925), skriuwer fan de *Lytse Fryske spraekleare, it Westerlauwersk om 1900 hinne oangeande* (1904; skreaun mei Pieter de Clercq), dy't mei nijfoarmings fan grammatikale begripen komt en suvering fan it Frysk neistribbet. It boekje wie opdroegen oan 'Skoallemasters, dy't it Frysk troch hjar onderwiis yn dy tael stypje wolle'. En al wer in *skoalmaster*, **Onno Harmens Sytstra** (1858-1939), dy't him ynspant foar it Frysk op skoallen en (mei Jan Jelles Hof) de *Nieuwe Friesche Spraakkunst* (1925) publisearret. Hy kritisearret minsken dy't it gefoel foar suvere taal kwyttrekke binne en har beroppe op har 'yndividueel Frysk'. Hy stie winliken in noarm foar sûnder hollânismen en mjit ek (fer)âldere wurden net.

Wat minder útsprutsen is **Pieter Sipma** (1872-1961), *ûnderwizer*, *learaar*, filolooch en lektor Frysk (1930-1942); mei-oprjochter fan de *Jongfryske Mien-skip*, dêr't er ek foarsitter fan wie fan 1917-1919. Sipma

besiket in fêste noarm te jaan yn syn *Frysk lês- en taelboekje* (1906). Sipma wol staveringsstanderdisaasje net yn de wei stean foar sprutsen dialektfoarms, dy't dan ferskillend útsprutsen wurde kinne.

Is it net opfallend hoefolle learkrêften (skoalmasters mei ûnderfining) oft ûnder de standerdisearders sitte? My tinkt fan net, se witte wat it betsjut om (Fryske) les te jaan en wurkje te moatten mei breklik taalark en ûnderwiislearmateriaal.

In ynspirearjend idaal: Douwe Kalma

Ien fan de wichtichsten op dat mêd, de *Jongfryske* lieder Douwe Kalma (1896-1953), moat hjir benammen mei eare en grut respekt neamd wurde. Al jong (mei 18 jier) wist er wêr't it mei Fryslân hinne moast! Hy rjochte yn 1915 de *Jongfryske Mienskip* op

en wie mei-oprjochter fan de AFUK (Algemeine Fryske Underrjocht Kommisje), dy't sûnt 1924 bestiet. Hy wie ek de *earste* dy't in folslein Frysktalich *literêr* tydskrift opsette, *Frisia* (1917).

Kalma waard taalstrider en stribber nei in *ientalich* Fryslân yn Europa. De Fryske beweging waard troch syn ynspirearjend liederkip in jongereinbeweging (mei ek in wichtige rol foar froulju). Under it bieldwurd 'Fryslân en de wrâld' sette er Fryslân del as ûnderdiel fan in Noardseekultuer. Fryslân soe in brêgefunksje krije moatte tusken de besibbe Ingelske en Skandinavyske kultueren. Al ier lei Kalma kontakten mei de Friezen yn Dútslân. As fertsjintwurdiger fan Westerlauwersk Fryslân naam er yn 1930 sit yn de doe oprjochte *Fryske Rie*. De *earste* Frysktalige dissertaasje kaam fan syn hân: *Gysbert Japiks. In stúdzje yn dichterskip* (1938). En hy skreau de *earste* Fryske literatuerskiednis dy't it neamen wurdich is.⁸ Syn mânske *Skiednis fen Fryslân*⁹ (1935) is noch altiten tige nijsgjirrich. De hiele Shakespeare hat er yn it Frysk oerset (8 dielen). Ik neam syn keningsdrama's ... Der komt suver gjin ein oan wat dizze man publisearre hat.

⁸D. Kalma, *De Fryske Skriftekennisse fen 1876-1897. Ynlieding en karlêzing mei 8 portretten*. Dokkum: Fa. J. Kamminga, 1939; D. Kalma, *De Fryske skriftekennisse fen 1897-1925*, diel I (oersjuch en karlêzing). Dokkum Fa. J. Kamminga, 1928; diel II (foartsetting karlêzing), Dokkum: Fa. J. Kamminga, 1931.

⁹D. Kalma, *Skiednis fan Fryslân, in gearfetting*, 3^{de} bewurke printinge fan G.N. Visser (Grou: Utjowerij 'Fryslân', 1965).

Kalma wie skriuwer, gearstalter fan Frysktalige learmiddels (fan û.o. *taalsuveringsboekjes*¹⁰), oersetter, lesjouwer fan leargongen Frysk en Afûk-foarsitter.¹¹ Douwe Kalma stie in kultuertaalnoarm foar dy't tige krekt en mei opsetsin opboud wurde moast, mei help fan de nedige purismen en nijfoarmings. Sa'n Standertfrysk mocht ek ynfloed hawwe op it sprutsen Frysk. De Fryske skriuwtaal moast fierder útboud wurde en it Frysk moast in (goed) plak krije yn it ûnderwiis.

Kalma hat grutte ynfloed hân yn Fryslân. En hat dat grif noch ... Al dy inisjativen, dy't troch oaren fierder droegen waarden, wiene foar it sukses fan de Fryske taal en literatuer fan grut belang. Hy is dus mei rjocht ien fan de histoaryske 'ûnderwerpen' yn de *Kanon fan de skiednis fan Fryslân* (2008; *Fryslân en de wrâld, finster 29*, s. 72-73).

Ik beslút dizze *Ús eigen taal* sadwaande mei de *Jongfries* Kalma – ek myn idaal. Myn bydrage is langer-nôch wurden. Hast hûndert jier ferlyn hat Kalma de *Jongfryske Mienskip* oprjochte en hy is al sechstich jier wei. Mar syn Jongfryske geast libbet jitte. De rige fan taalstanderdisearders is lykwols noch net oan 'e ein.

^{10 11} Der binne gâns mear frisiasten en frisisten

¹⁰Douwe Kalma hat gâns omtinken jûn oan *taaleigen* en *taalsoarch*. Yn *Freegje mar fierder! In ynlieding ta it Frysk taeleigen [foarste dieltsje]* (Boalsert: Osinga, 1943) neamt er *suverens* en *rykdom* as de twa eigenskippen dy't it *wêzen* fan taalbloei útmeitsje. Tusken dy beide begripen sjocht er in sterk ferbân. Hy hat grutte wurdearring foar Waling Dykstra, dy't in grutte rykdom fan wurden en siswizen ta syn foldwaan hie, en dêrby krityskernôch foar wat de lju om him hinne seine, oerstie om hieltiten wer op te kommen tsjin frijemde 'oerwaaisels en ynslûpsels'. Hy neamt in stikmannich: *u, sich, toen, sleutels, boven, wie, welke, terug, nooit, geloof, gedachte*. Wurden as *deugd, jeugd* ('jonkheit, jongerein') en *freugde* ('blidens') achte er likegoed hollânismen en *gelegenheid* soed er fergefange wolle troch 'talis' ('elts lid is yn 'e talis om syn gerak te krijen'). Kalma wiist derop dat men gjin suver Frysk kriget mei allinnich Fryske wurden. Men moat se brûke yn 'e Fryske trant of siswize, oars begjint it Frysk te lijen oan bloeardarmoe.

In pear jier letter skriuwt Kalma ûnder it pseudonym S.W. Douma, *Frysk taeleigen-boekje I, It túch der út!* (Drachten: Laverman, 1946; Rige Lytse Paedwizers – 2) en *Frysk taeleigen-boekje II (mei kaei). It goede krûd*. (Drachten: Laverman, 1946; Rige lytse paedwizers – 3). Yn it earste boekje neamt er yn syn ynlieding ûnderskate foarms fan taaltúch (almeast hollânismen) dy't hjoed-de-dei ek noch gauris te hearren binne: *tante, ramen* ('glêzen, finsters'), *bûtendoar* ('útdoar'), *wyche* ('widze, widske'), *oait* ('ea'), *noait* ('nea, nea net'), *ergens* ('earne'), *ner-*

gens ('nearne, nearne net'). Fierders jout Kalma goed fyftich bysûndere gefallen (Hollânsk - Frysk) neffens wurdsoarten (tiidwurden, haadwurden, ensfh.) rubrisearre.

Tige de muoite wurdich is jitte altiten Douwe Kalma syn *Ken jim Frysk! In samling Frysk Taeleigen foar leargongen en selsstúdzje* (Drachten: Laverman N.V., 1948, 87 siden). It is in folsleiner learboekje as de boppeneamde *Taeleigenboekjes* I en II.

¹¹O, mocht Kalma syn geast ek jitris feardich wurde oer de hjoeddeiske Afûk!!! Doe't ik dit skreau (8 augustus 2013), krige ik krekt wer in nijsbrief oer de e-post fan dy ynstelling. Lykas wenst al wer net flaterfrij. Inkelde aberraasjes: [...] hokker famylje [*oft*] yn koarte tiid [*oft* mist]; [...] elke ôflevering bestiet út 4 rondes (*omgongen*; de ein-*s* doocht ek net). Kalma soe him besauwe as er sok 'Afûk-Frysk' ûnder eagen krige. 'Ronde'

fan kwizekwânsje dy't in kultuertaalnoarm en goede taalstandert foarstiene of noch bepleitsje. In stikman-nich dêrfan lit ik yn de kommende *Ús eigen taal* opdrave. Yn alle gefallen hoopje ik mar dat Kalma syn geast (ek) wer feardich wurde mei oer guon hjoeddeiske kleiende en kliemende skriuwers dy't neat fan standerdisaasje hawwe moatte. Kalma soe grif lêst krije fan 'plakferfangende skamte'. Ik haw dy yn alle gefallen ...

wurdt fiif kear brûkt yn fjouwer sinnen. Soe in grien boekje de Afûk noch rêde kinne, as de (guon?) eigen meiwurkers it Frysk net iens (goed) yn 'e macht hawwe? Ik haw soarch ...

Promoasje Jelske Dykstra yn Frjentsjer

Sytze T. Hiemstra, skriuwer *Feriening Frysk Underwiis (FFU)*



Op 10 oktober 2013 promovearre *Jelske Dykstra* op in Ingelsktalich proefskrift mei de titel: *'Growing up with Frisian and Dutch'*.¹² As ik it net mis haw, wie it de earste kear dat de *Universiteit fan Amsterdam* (UvA) gebrûk makke fan de âlde universiteitsstêd Frjentsjer. De Martini-tsjerke is dêr grif in gaadlik plak foar. Jelske har ûndersyk wie rjochte op de

¹²By de foto: Prof. dr. Reinier Salverda sprekt *Jelske Dykstra* ta (foto: Hindrik Sijens, FA).

taalwinning fan bern fan tusken de 2,5 en 4 jier âld.

Jelske groeide op yn Menaam en har promotor wie prof. dr. Folkert Kuiken, ôfkomstich fan it Bilt. Se die earst in oplieding logopedy yn Grins en gong dêrnei troch mei taalwittenskip oan de UvA. Se ûntwikkele û.o. by de Fryske Akademy in Fryske bewurking fan de Hollânsktalige TARSP (*Taal Analyse Remediëring en Screening Procedure*; Schlichting, 2005). Dy wurdt de F-TARSP neamd (Ljouwert: Afûk, 2008).

Logopedisten kinne dêr it grammatikale ûntwikkelingsnivo fan Frysktalige bern mei fêststelle en ynformaasje krije oer de Fryske taalûntwikkeling. In profylkaart jout in oersjoch fan de folchoarder dêr't bern de Fryske taalstruktueren yn oanwinne. Dat kin wer as basis tsjinje foar it opstellen fan in behandelplan.

Ik haw Jelske in jiermannich meimakke as skriuwster fan de wurkgroep *Logopedy & Frysk* (fan de Fryske Akademy), dêr't ik lid fan bin, en har aardich goed kennen leard. Jelske hat ek yn dy wurkgroep treflik wurk dien. In ekstra reden foar my (en myn oare helte) om by har promoasje te wêzen en dêr yn *Nij Frisia* omtinken oan te jaan.

Jelske is de earste dy't yn Fryslân de twataligens by hiel jonge bern ûndersocht hat. Der wie wol it ien en oar bekend oer it learen fan Frysk en Hollânsk by basisskoalbern, mar noch net by pjutten. Alle bern út it ûndersyk waarden in kearmannich yn it Frysk en Hollânsk test. It die bliken dat it aktyf brûken fan it Nederlânsk troch Frysktalige pjutten net folle swierrichheden jout. Der kaam ek út dat Hollânsktalige bern it Frysk wol (aardich) fersteane, mar it net of amper prate kinne. Der wurdt hjoed-de-dei gauris praat oer taalefterstannen by bern en dan wurdt dat ornaris skood op har Frysktalige eftergrûn. Dat soe ta skea fan it Hollânsk wêze. Yn de praktyk blykt soks dus net wier te wêzen. As der al praat wurde moat fan in 'taalefterstân', dan hawwe de Hollânsktalige bern dat yn it Frysk.

Dat soe dus betsjutte moatte dat der folle mear dien wurdt oan de taalwinning fan en it taalûnderwiis yn it Frysk oan krekt Hollânsktalige bern. Pjuteboartersplakken soene dat systematysk oanpakke kinne en moatte. Dat wurdt wol dien yn sertifisearre twatalige boartersplakken of yn ientalich Fryske. It *Sintrum Frysktalige Berne-opfang* is wat dat oanbelanget foar Fryslân in wichtige organisaasje. Mar noch lang net alle pjutteplakken binne, benammen net yn de gruttere plakken en stêden, goed twatalich, lit stean fan ientalich Frysk. It taaloanbod yn it Frysk moat foar Hollânsktaligen dus drastysk omheech en soks soe folslein trochsetten wurde moatte op de basisskoalle(n) en fierder. Underwilens moat it Frysk fan Frysktalige bern ek tige goed syn gerak krije. Ut soarte leafst yn geef Frysk. Dat is it stribjen fan de FFU (binne jo al stiper?; sjoch ek op: www.ffu-frl.eu).



Jelske hat dus wichtich ûndersyk dien en dat kin de eangst fan (guon) Frysktalige âlden om de bern net yn it Frysk grut te bringen, weinimme. Alle hulde! De direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy, prof. dr. Reinier Salverda, hat syn wurdearring by de promoasje ek blike litte en hat Jelske lokwinske mei har nije akademyske titel. Hy komt ûnder mear op 'e tekst oer in wittenskiplik en maatskiplike ferfolch, dat Jelske har wurk hawwe moatte soe. Ik lit de taspraak fan Reinier Salverda (mei syn tastimming; tank dêrfoar!) hjirûnder yntegraal folgje.

Taspraak prof. dr. Reinier Salverda

Bêste Jelske, bêste jonge doktor Jaïke Elisabeth Dijkstra,

As direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy wol ik dy hjirby graach fan herten lokwinskje mei dyn nije akademyske titel. Ik haw dyn boek lêzen en dyn ferdigening heard, do hast saniis mei rjocht de doktorstitel krige en dat fertsjinnet in lokwinsk fan de Fryske Akademy; ek om't dit pionierswurk is op it mêd fan it Fryske bernetaalûndersyk; om't it in kreas stik wurk is dat besjen lijen kin; om't dit no al dyn twadde boek is, nei dyn earder boek oer de F-TARSP; en om'tsto no sels it earste skiep oer de daam bist, de earste fan 'e nije rispinge fan promovendy dy't sûnt 2008/2009 oan 'e slach binne op de Fryske Akademy en dy't no meikoarten ek promovearjen sille.

Tagelyk bisto net allinnich mar produsint fan wittenskip, mar sels ek produkt. Dyn ûndersyksprojekt is finansiere troch de Provinsje Fryslân yn it ramt fan it *Boppeslach*-programma en dêrfoar ús grutte tank oan deputearre Jannewietske de Vries. Dyn projekt is útfierd op de Fryske Akademy en yn Fryslân, en tankewol foar de noflike gearwurking yn dyn jierren yn ús fermidden. Dyn promoasje is ta stân kommen ûnder lieding fan professor Folkert Kuiken fan de Universiteit fan Amsterdam. Dyn Fryske begelieding wie yn goede hannen by ús Edwin Klinkenberg en by René Jorna – dy't twa wike lyn tryst genôch ferstoarn is, mar him wol syn hiele libben oan de wittenskip wijd hat, en oant hast it lêste ta – hoe slim siik oft er ek wie – dy gerive hat mei syn stimulearjende suggestjes en syn kritysk kom-

mentaar. Do hast sels al yn dyn foaropwurd waarme wurden skreaun oan en oer him, mar hy is foar ús al legearre in foarbyld, benammen hjir in dizze wittenskiplike gearkomste.

Tank benammen nochris oan dyn earste promotor, Folkert Kuiken fan de UvA. Tank ek foar de noflike gearwurking tusken de Fakulteit Geasteswittenskippen fan de Universiteit fan Amsterdam en de Fryske Akademy as KNAW-ûndersyksynstitút. Sûnt ôfrûne novimber is dit no in fêst en offisjeel gearwurkingsferbân wurden, yn it ramt wêrfan't, mei stippe fan de UCF (*University Campus Fryslân*), sûnt begjin dit jier 4 nije promovendy op de Fryske Akademy úteinsetten binne mei harren nije ûndersyksprojekten – trije dêrfan ûnder lieding fan ús Arjen Versloot, tsjintwurdich professor Germaanske taal-kunde oan de Universiteit fan Amsterdam. Dat ik soe tsjin dizze fjouwer nije promovendy sizze: sjoch mar ris goed nei hoe't Jelske har ûndersyk dien en ta in goed ein brocht hat, want dat is in eksimplarysk foarbyld hoe't jim dat ek dwaan moatte. Eksimplarysk ek noch yn in oar opsicht: de wittenskiplike kwaliteit fan Jelske har wurk.

Wat dan opfalt, is dit: wylst sy pionierswurk docht, op in nij gebied, de iere twataligens fan lytse Fryske bern, hat sy tagelyk - en dat is fansels wol de grutste keunst - har eigentlik ûndersyk tige beheind: in skerp omskreaune probleemstelling, degelike nije ûndersyksynstruminten, yngeande dielstúdzjes. En ferstannige, mar foaral ek foarsichtige konklúzjes. Op basis fan wittenskiplik ûndersyk kin sy no sizze: dit is net it gefal; sa sit dat net; hjir is gjin bewiis foar; dit hat gjin ynfloed. En dat witte wy no dan dus wittenskiplik en mei wissichheid empirysk fêststeld. En lit dan no in oar mar komme en mei deselde wittenskiplike kwaliteit oantoane as dat net strykt en hoe't it dan oars sit.

Ik sis dêrom: dizze wittenskiplike prestaasje freget om in ferfolch. En dat giet twa kanten op: *wittenskiplik* en *maatskiplik*.

Wittenskiplik ferfolch – Do fregest sels al om in replika-ûndersyk en dat liket my de baas. Mar wy hawwe ek ferlet fan noch folle mear en fierder ûndersyk fan de iere meartaligens hjir yn Fryslân. En dan soe ik sizze: sok nij ûndersyk moat net allinnich gean oer de fragen fan dyn proefskrift, der binne noch genôch oare fragen dy't ek yngeand ûndersyk fertsjinje.

Dêroer trije oantrúnopmerkings:

1. Meartalige bernetaalûntjouwing hoecht net allinnich sjoen te wurden yn it perspektyf fan 'achterstand' en 'inbaalslag' – want by taalûntjouwing giet it njonken 'deficiency' ek altyd om 'difference', sa't wy witte fan Bernstein.
2. It ûndersyk hoecht net allinnich kwantitatyf, wy moatte perfoarst ek *kwalitatyf* nei de bern harren taalgedrach sjen, en hoe't dy samar efkes wikselje kinne tusken de beide talen dy't se brûke. Dêrfoar hawwe wy in goed perspektyf yn it wurk fan Pieter Muysken, en ek yn mear antropologysk ûndersyk út *discourse studies* en *the ethnography of speaking* wei.
3. En wy hawwe ek ferlet fan ynternasjonaal-ferlykjend ûndersyk, fan hoe't bgl. Sineeske bern yn Hongkong ta twatalige Ingelsk-Sineeskpraters wurde, en dan sjen wat wy dêrfan leare kinne foar de sitewaasje hjirre yn Fryslân.

Maatskiplik ferfolch – Hjir tink ik no efkes fierder as abbekaats fan de duvel. Dyn konklúzje: Frysk docht gjin skea, is in hiele goedenien. Mar immen soe no tinke kinne: o, mar dan hat de skoalle dus eins gjin probleem, want dy Fryske bern, dy komme der namers dochs wol; dy sille har wol rêde; dat de skoalle hoecht dan eins net mear sa te prakkesearjen oer dat Frysk. Mar wa't sa tinkt, fynt eins dat dan dus alle Friezen mar sa gau mooglik oer moatte, oersetten wurde moatte, nei allinnich noch it Hollânsk.

Mar sa is it nê't, sa is it net méar, benammen net no't ferline wike de Earste Keamer de nije *Taalwet Frysk* oannommen hat, dy't fêststelt: *Yn Fryslân binne Nederlânsk en Frysk de offisjele talen*. En dat betsjut dus in hiel oar maatskiplik ferfolch: dyn wittenskiplike ynsjoggen moatte no sa gau mooglik fierder ferspraat, útsutele en bekend makke wurden yn de Fryske mienskip en meinommen wurde yn it Fryske taalbelied.

Ta eintsjebeslút: wy fan de Fryske Akademy – en my tinkt wol alle Friezen hjirre – binne grutsk op dyn krewearjen en op dyn kreaze wittenskiplike prestaasje fan hjoed. Nochris lokwinske en in soad sukses tawinske yn dyn fierdere wittenskiplike karriêre.

Tankewol. Ik haw sein.

Prof. dr. Reinier Salverda, direkteur-bestjoerder Fryske Akademy, Frjentsjer, 10 oktober 2013

KAFEE 'ROMSICHT' (28)



Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friezema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Watse sjocht erchtinkend nei de romer dy't Boate foar him delset. 'Nearne net om Boate, mar do hast de gleskes wolris fuller getten ...' De oare mannen wurde no ek opmerksum en mjitte mei de eagen it peil fan it focht yn de gleskes, dy't foar harren op 'e stamtafel steane.

Rommert Tjeerdsma

De kastlein giet der efkes breedút foar stean. 'As it net út de lingte kin, moat it út de breedte,' ferklearret er. 'Lykas alle oare jierren is de belesting op alkoalyske dranken no ek wer ferhege. Ik haw dêr skjinnicht fan en haw yn my omgean litten om de saak mar te ferkeapjen, want sá is der gjin aardichheid mear oan.'

'Ik haw dêr yn 'e krante oer lêzen,' seit Fetse, 'it skynt dat wy hjir no de heechste belesting fan de wrâld hawwe, al least op drank.'

Geart fearret omheech. 'Net allinnich op drank, ek op tabak en wat tinke jim fan benzine ...'

'In nij rekord,' gnysket Minne, 'miskien komme

wy wol yn it Guinness Book of Records ...'

'Ja, beslach it mar mei de gek,' stumet Boate, 'mar ik sit der mar mei. Ik soe juster al de hiele bliksemse boel te keap sette, mar de oare helte sei dat soks gjin doel hie.'

'Hoe sa dat net?', freget Watse, wylst er nochris skalik nei syn romer sjocht. Boate set it blêd mei lege glêzen, dêr't er noch hieltyd mei om skermesearret, mei in fikse tik op 'e tafel.

'Omdat hast alle kroegen te keap steane,' blaft er, 'kinst se oan de strjitstiennen net kwyt. Ik ken kollega's dy hawwe de tint al tsien jier te keap. Net in mins is hjoed-de-dei noch sa gek om in kafee yn dit lân te keapjen ...'

Fetse sjocht al prakkesearjend nei de brúntrochrikke souderbalken, hoefolle minsken soenen hjir de ôfrûne ieuwen al net ûnder sitten hawwe, yn dizze stokâlde herberge, it sintrum fan it doarp sûnt minskeheugenis ...

'It is ferduld dochs dwers troch alles hinne,' seit er dan, 'hûnderten jierren hat hjir in herberge west, slachte nei slachte hat hjir in bestean yn fûn. En no't wy neffens de gelearden yn in woltiersteat libje, soe soks ynienen net mear kinne?'

Boate skrabet de kiel en giet der efkes by sitten. 'Dan sil ik jim ris ferdútse, wêrom't soks net mear kin. Alderearst de papierbrot dy'tst ferplichte bist om by te hâlden, dêr wurdst net goed fan. Oeren geane dêr mei hinne. Dan de foarskriften dêr'tst oan foldwaan moast. Neat mei en alles moat, leafst sa

dat it safolle mooglik jild kostet. Doarpshuzen en sûpketen hoege dêr net oan te foldwaan, mar stelle wol dyn klanten. Dan it smookferbod, dat hat my ek al hiel wat klanten koste. No hawwe se wer út-fûn dat ik jongelju ûnder de achttstjin jier gjin drank ferkeapje mei. Dat die 'k oars ek al net, mar der sil mar ien trochhinne slûpe, dan kinst in boete fan in pear tûzen euro ferwachtsje. En as klapstik wurdt de belêsting op alkohol foar de safolste kear wer ris fiks ferhege.'

Hy skoot ûnferhoeds de stoel piipjend nei efteren en giet oerein. Dúdlik oandien nimt er it blêd mei glêzen op en ferdwynt efter de taap. De mannen binne der suver stil fan en litte de redenaasje fan de kastlein in amerij yn har omgean. Geart slacht de ynhâld fan syn romer yn ien kear efteroer en is de earste dy't de stilte ferbrekt.

'Dit raast goddoarje oan de protters!,' ropt er oerstjoer, 'hjiir wurdt doelbewust de lytse man stadichoan de nekke omdraaid!' Fetse sjocht betochtsum nei de skimer, dy't stadichoan de kontoeren yn de jachtweide minder skerpe makket. Boate sil de lampe aanst wol oanstekke.

'Ik bin it folslein mei dy iens', seit er dan. 'Sjoch, dat in boarger belêsting betelje moat, is dúdlik, dêr binne wy it allegearre wol oer iens. Der binne op 't lêst taken dy't de oerheid útfiere moat en dat kostet no ienkear jild. Mar it moat wol reedlik bliuwe. En dat is it fansels al lang net mear.'

'Nim no bygelyks in fleske bier,' stimt Watse mei, 'wy betelje twa kear safolle belêsting op dat iene fleske

bier as de Flamingen en fjouwer kear safolle as de Dútsers ...'

'Hjiir wurdt yndie doelbewust de lytse ûndernimmer de dea oandien', seit Minne.

'Wy moatte dêr wat op útfine,' stelt Fetse foar, 'de oerheid smyt miljarden oer de balke om bygelyks diktators yn Afrika alle jierren oan in nije Mercedes te helpen, mar dat ús Boate dêr it slachtoffer fan wurdt, dêr mei 'k ferrekte min oer.'

'Hielendal mei iens', ropt Minne. 'Mar ik haw in idee. Sa as jimme witte, haw ik okkerdeis in âld folksweinbuske kocht. Hy is wol út de tiid fan Methusalem, 1975 om krekt te wêzen, mar hy rydt as it spoar. No hie 'k sa tocht: jimme jouwe my wat jild foar de benzine, Dútske benzine fansels en ek jimme bestelling wat tabak en drank oangiet en ik ryd efkes fia Grins oer de grins. Dan laad ik myn bus fan foaren oant efteren ta fol. Yn ien deiskoft in pear bankjes fertsjinne. No, wat sizze jimme dêrfan?' Dat útstel falt der by de mannen yn as in preek by in âlderling. Hja begjinne allegearre fuortdaliks mei it opstellen fan in list mei alkoehoalyske winsken.'

Boate hat it hiele ferhaal stilswijend oanheard. Dan springt er efter de taap wei: 'In strak plan mannen, in hiel strak plan! Ik wit it al Minne, ik heakje de karre efter de auto en ryd efter dy oan. Ik kin nea foardieler ynkeapje! Dit moat moarn fuortdaliks wêze ...! Mar no is it de heechste tiid, hearen!'



*De nije roman fan
Rommert Tjeerdsma*

Nammen, sleauwens en morfine

It is wat mei ús ierdrykskundige nammen, mei de nammen fan ús gemeenten, doarpen en wetters. Mei betiden in bulte lijen krije wy ús eigen wer werom, mar as wy se ienkear háwwe, dan liket de aardichheid der by suver alleman en wrâld ek samar wer ôf te wêzen.

De Beweging sit de measte beweging net mear yn, en ‘Frysk’ en ‘Nasjonaal’ yn de FNP lykje te fer-skierjen.¹³ (i) Beide, Beweging en Frysk-Nasjonaal, haw ik skreaun doe’t ferkeardelingen har *Friesche Meeren* net misse woene en it op in taaloarloch om ús gemeentenamme *Fryske Marren* útdraaie soe. By beide haw ik oanstien op de mobilisaasje fan alle warber skriuwfolk.¹⁴ Allebeide lieten se it sitte.

Yn de gearkomsten fan de Bewegingsrie (18 novimber 2013) en Frysk-Nasjonaal (22 novimber 2013) haw ik de krantedredakteur Erwin Boers oanhelle: ‘Bûten Fryslân wurdt gauris tocht, dat ferfrysking útrint op dûbeltalige buordsjes: *Hardegarijp-Hurdegaryp*. It giet lykwols folle fierder. Ferfrysking betsjut dat de Nederlânske namme alhiel wei wurdt. *Hardegarijp* is fuort, *Hurdegaryp* bliuwt oer’.¹⁵ Lyksa besteane de Hollânsktalige wetternammen net mear, dy binne by steatebeslút fan 16 maart 2006 ôfskaft. Mar benammen yn it djippe Suden lykje gemeenten it beslút te negearjen, dat de krantelju binne der ek suver mei oan. Boers achte dan ek de ‘Verfriesing waternamen [...] mislukt’.¹⁵ Mar yn gjinien fan beide gearkomsten wie der immen dy’t it wat nukte, dy’t der op yngie.

Hoe komme wy oan safolle slûgens, sleauwens, sloffens? Dêr bestiet in teory foar. Noch net iens sa hiele lang lyn is in oerienkomst tekene fan autoritei-

¹³Pieter Jan de Groot, ‘Linich’ (LC, 6 desimber 2013);

¹⁴Út it brief fan 3 desimber 2013: ‘[...] Ferkeardelingen, taalbarbaren, kontra’s en *Ljouwerter Krante* hawwe ús Marren de oarloch ferklearre. It reint ynstjoerde stikken. [...] Blinder noch ta! My tinkt, de oarloch is ús optwongen, wy moatte yn ’e wapens. [...] Oarloch, táarloch! Soe it net wat wêze [...] om by leden dy’t in ynstjoerd stik(je) yn de kranten skriuwe kúnne, te trúnjen om dat ek ris te dwaán? [...]

Der hinget gâns fan ôf. Ús noardwesthoekster megage-meente sil grif *Westergo* wurde ynstee fan *Westergoa* as ‘it’ yn it suden misbeteart [...];

¹⁵Erwin Boers (LC, 28 apr 2012);

ten – boargemasters en dat soarte fan folk – en de wetterlieding. Vitens soe alle dagen in molkbushol morfine yn it kraanwetter jitte om alle folk del te bêdzjen, It tsjerkfolk ek: ‘of ze [de measte dûmnys, B.J.P.] er in slagen om hun schapen weer wakker te schudden, moet nog blijken’.¹⁶ Vitens liket yn Hollân ek raar wurk te meitsjen. Foar myn slûgens en sleauwens hawwe se dêre in pear oare wurden: ‘laten we als land besluiten die deken van negativiteit weg te trekken’.¹⁷

Guon lju, meastepart JFM-leden, wiene warskôge en dy, fertocht op Vitens syn oanpart yn ’e saak, hiene yntiids in reinwettersbak by hûs opmitselje litten mei in pomp yn ’e koken. Ik bin mei Fedde Schurer grubrocht, mei syn *War dy!*:

*Feinten hâld de fûsten ree!
Hûs en hurden Binn’ ferwurden,
Frjemden wâdzje ús ikkers oer,
Basterts lizze ’t hôf yn fjoer;
War dy! Foar it erflik gea;
Hoedzje ’t lân foar skande-dea.
War dy! Sprek dyn tongrjend: Nee!
Feinten hâld de fûsten ree!*

Yn it Suden fan ús lân lykje gemeenten net folle mei de echte wetternammen op te hawwen. It koe wol kleare ûnwil yn de b. en w.-kolleezjes wêze om se te brûken. Dy hawwe it, noch altyd of alwer, oer Hééresloot, Tjeukemééer, Slotermééer, Snéekermeer, en sa.¹⁵

De Ljouwerter kranteman Boers hat gâns kryptyk op ’e meastepart súdlike gemeentlike oerheden. Mar de Ljouwerter sêls? Dêr yn in oar stikje oer.

Bertus Jans Postma, Bitgummole

¹⁶Wim Schrijver, ‘Vervolging vormt blinde vlek in kerk’ (LC, 31 desimber 2013);

¹⁷Frank Hendrickx, ‘De hemelbestormers zijn weer hard terug op aarde’ (LC, 31 desimber 2013).

S.T. Hiemstra

Ljouwerteradiel en it Frysk

Us FFU-bestjoerslid Thys van der Veen ferstjoerde op 30 jannewaris 2013 in e-postberjocht nei de gemeente Ljouwerteradiel oer de ientalige (= Hollânsktalige) promoasje op Omrop Fryslân oer de takomst fan dy gemeente. Der wie wer ris net om en oan it Frysk tocht.

Hjirûnder it mailsje:

Bêste minsken,

Soene jimme ûndersteande tekst ûnder de oandacht fan de ferantwurdliken bringe wolle, mei graach in reaksje dêrop fan jimme kant.

Op 30 jannewaris 2013 wurdt by jimmes in referindum holden oer de takomst fan jimme gemeente. In goed ding om de bewenners te belûken by beslissings fan 'e gemeente. Wat ús as Feriening Frysk Underwiis lykwols steurt, is de wize fan promoasje op Omrop Fryslân oer it referindum: dy is nammentlik ientalich Hollânsk - sa as ferskillende kearen heard op snein 27 jannewaris. Wy meie oannimme dat jim gemeente net allinne út Hollânsktalige sprekkers bestiet. It komt ús foar dat jimme sa net rjocht dogge oan de Frysktaligen yn jim gemeente.

Wolle jim jim as gemeente wer ta de ynweners rjochtsje, belûk dan alle ynweners dêryn en net in part; it soe de opkomst by it referindum te goede komme. Boppedat hawwe jim as gemeente foar de Frysktalige ynweners ek jim ferantwurdlikheid te nimmen. Dat is no net dien.

Tenei moat soks oars. Ôfpraat?

Thys van der Veen,
bestjoerslid Feriening Frysk Underwiis

Lange tiid gjin reaksje ... Op 18 maart 2013 der mar wer in yn-it-syn-bringer efteroan:

Bêste minsken,

Oant no ta hawwe wy jim by werhelling in mail stjoerd dêr't net op antwurde is. Soks is in rare saak. Wy miene dat yn in demokrasy soks net heart. Dêrom freegje wy jim mei klam op koarte termyn in antwurd te formulearjen op ús fraach.

Mei groet,
Thys van der Veen,
út namme fan de FFU

Deselde deis (18 maart 2013) komt der dochs noch in koart, formeel, ynhâldlik neatsizzend antwurd:

Achte hear Van der Veen,

Tige tank foar dizze ynbring. Wy nimme jo advys mei by takomstige aksjes.

Mei freonlike groetenis,
Hetty Gaastra
gemeente Leeuwarderadeel

Dêr moat lang oer neitocht wêze. Soe it wier wol klear komme mei it Frysk yn Ljouwerteradiel?

De Fryske Marren

*Ik bin hikke en tein yn de gemeente
'Hemelumer Oldephaert en Noordwolde c.a.'.
Yn in pear stappen waard dat 'modernisearre'
ta 'Hemelumer Oldeferd', dêrnei ta 'Nijefurd'
en koartlyn ta 'Súdwest-Fryslân'. Krekt
skrebbeljen, en alle kearen foar 200.000 euro?
Of wie it fergees?*

*Dy 'kosten' binne ek mar in 'nep'-argumint
foar de ûndernimmers út de Fryske Marren.
Ek it gerop oer 'demokrasj' en om in
referindum is 'nep'. Oars hie de klup fan frou
Koen (LC, 'dagstelling', 22 febrewaris: 'De
Friese Meren nept inwoners') him wol
opponearre tsjin de dizige en ûndemokratyske
proseduere fan:*

*'it-is-mar-in-wurknamme-dus-hammerstik'.
Wylst it 'dochs-offisjeel-dus-útmakke-saak'
wie, dê't de Hollânsktalige namme stikem
mei ynfierd waard.*

*Om't oer it echte motyf:
it-Frysk-werom-nei-it-bûthúsbankje, winliken
net redendield wurde mocht, hawwe se
harsels mar 'FREONEN van de FRIESE MERen'
neamd. En by frisofoebe klanten, wêrwei ek,
besykje se gehoar te krijen mei: 'Wij zijn sels
ook puur op ons memmetaal tegen hoor!'
Soene sokken harren tekoart oan selsrespekt
en eigenwearde net sjen? Mei sokke
'FREONEN' hoecht men wier gjin fijannen
mear. De hiele bûtenwacht kin dat sa
stadichoan witte.*

*Harkje ris goed nei 'Bart-Jan' fan Doede
Veeman; dat liet giet nammentlik oer jimme.
Kul jimsels en ús net langer!*

Peke Joukes, Wains

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it junynûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 maaie.

Samplers: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Wykwei 4, 8434 PG WASKEMAR; digitale kopij, abma.g@upcmail.nl Fêste meiwurkers: dr. Bertus Jans Postma, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en Rommert Tjeerdsma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Einredaksje

dr. Gerben Abma (haadsamler)
Plantage Doklaan
13, 1018 CM AMSTERDAM.

E-post

abma.g@upcmail.nl

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN.

Webstek

www.jongfryskemienskip.com

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35

op namme fan:

Jongfryske Mienskip, It Hearrenfean

Kuiertocht Âldeboarn

Sneon, 1 febrewaris 2014
Kerst Huisman

Wy rinne hjir hjoed út solidariteit mei de sa swier troch de gaswinning troffen minsken yn Grinslân. It hat der in soad fan dat de troch minister Kamp taseine kompinsaasje winliken in segaar út eigen doaze is. Ek al soe de hiele gaswinning stilsetten wurde, dan noch sille de ierdskokken noch in skoft gewoan trochgean. It stiet fêst dat de gaswinning hoe dan ek trochset wurdt, wylst der fansels al lang wurk makke wurde moatten hie fan enerzjyboarnen as ierdwaarmte en sinne-enerzjy. Allinnich al mei ierdwaarmte soe Fryslân maklik foarsjen kinne yn it eigen ferlet nei waarmte en mooglikheden ta it opwekken fan elektryske enerzjy.

Foto LC/Niels de Vries



De F[rie/y]s(k)e M[e/ar]en

Wy wolle **DIT** net wer barre litte. Op 7 april sitte yn it gemeentehûs op 'e Jouwer net allinnich de striders fan de 'Stichting FREONEN van De Friese Meren'. Jongfriezen: kom manmachtich nei de kommisjegearsit!

Foto LC/Jelmer Postma

